

**Mienskiplike gearkomste NGV en Genealogysk wurkferbân 8 maart 2025.**

Der wiene in pear berjochten fan behindering, mar yn totaal sa'n 60 minsken wiene oanwêzich by dizze lêzing oer de wetterfloed fan 1825. Sprekker wie Arnoud van de Ridder út Aldemardum. Hy hat oer de wetterfloed fan 1825 in boek skreaun. Arnoud van de Ridder is âld-learaar skiednis en ûndersiker. Earst komme de jiertallen op it skerm fan de jierren dat der hjir wetterfloeden wiene.

It deiboek fan Lieuwe Jans de Jong hat in wichtige boarne west foar it boek. Nei oanlieding fan dy wetterfloed binne der ek wat boekjes skreaun en ek printen ferskynd. Op âlde kaarten is faaks goed te sjen wer't de wielen binne dy't troch de trochbraak fan diken ûntstien binne. Foaral yn Noardwest-Oerisel en it súdwesten fan Fryslân is de dyk op in protte plakken trochbrutsen, maar ek yn it Bildt en by de Lauwerssee wiene trochbraken.

Trochdat der gjin ôfslútdyk wie en de stoarmwyn út it noardwesten lang oanhâlde waard it Noardseewetter de Sudersee yn blazen. Der kaam nochris by dat de rivieren ek in protte wetter oanfierden en it yn novimber 1824 in protte reind hie, wêrtroch de boaiem gjin wetter mear opnimme koe. De stoarm fan begjin febrewaris 1825 dy't dagenlang oanhâlde koe dertroch útgroeie ta in ramp.

Op tsientallen plakken yn Fryslân, Skylge en Noardwest Oerisel bejoegen de seediken it. Sawat twa tredde part fan Fryslân kaam ûnder wetter te stean. Sa'n 100.000 hektare lân stie ûnder wetter en tusken de 50.000 en 100.000 Friezen wiene troffen troch dizze ramp. Hast 600 huzen en gebouwen wiene fernield en in protte fee wie ferdronken. It tal deaden foel noch wol wat ta. Mar 17 minsken kamen yn de dagen fan de wetterfloed om it libben.

Yn it hiele lân wiene dat der sa'n 800. 380 derfan kamen út Noardwest Oerisel.

Yn de registers fan de boargerlike stân is meastentiids net oanjûn dat minsken troch de stoarmfloed omkommen binne.

Gouverneur Aebinga van Humalda reagearre traach op de ramp. Kening Willem I en tsaar Alexander fan Ruslân joegen elk 100.000 gûne foar de bestriding fan de gefolgen fan dizze ramp. Ek de Steaten fan Fryslân diene it nedige.

Mar dochs wiene de gefolgen fan dizze ramp it jier derop grut. Yn de twadde helte fan 1826 stoaren der yn Fryslân goed 5500 minsken oan malaria. Yn de stjertesifers fan de gritenijen is dy pyk yn stjergefallen goed te sjen.

Ek yn it lânskip binne de gefolgen fan dizze ramp noch wol te sjen: de wielen op de plakken der't de dyk trochbrutsen is en tinkstiennen dy't oanjouwe hoe heech it wetter stien hat.

Sa'n hûndert jier letter makke ing. Lely plannen om de Sudersee ôf te sluten om sa oerstreamingen yn de gebieten rûn dizze see foar te kommen.

Notulist: Rinse Spits